



Riedsfoarstel gemeente Súdwest-Fryslân

Underwerp	Bestimmingsplan Wommels-Bogerman
Riedsgearkomste fan	14 july 2022
Kommisje	Doarp, Stêd en Omkriten
Kommisjegearkomste fan	28 juny 2022
Portefúljehâlder	Bauke Dam
Team	Ruimtelijke Ontwikkeling
Behanneljend amtner	Bert de Jong

Foarstel:

1. It bestimmingsplan Wommels-Bogerman ûnferoare fêst te stellen neffens it ûntwerpbestimmingsplan dat op besjen lein hat;
2. Dat it niisneamde bestimmingsplan lâns elektroanyske wei fêstlein is yn it GML-bestân NL.IMRO.1900.2021BPWmlsbogerman-vast en ek yn dy foarm fêststeld is;
3. Fêst te lizzen dat foar de lokaasje fan de geometyske planfoarwerpen gebrûk makke is fan in ûndergrûn hokker ûntliend is oan 'de Basisregistratie Grootchalige Topografie';
4. Gjûn eksploitaasjeplan foar it bestimmingsplan Wommels-Bogerman fêst te stellen.

Ynlieding:

Nei de sluting fan de Bogerman-skoalle oan de Walperterwei yn Wommels is de gemeente útein setten mei in iepenbiere ferkeapproseduere om it gebiet wêrop de eardere skoalle stiet te werûntwikkeljen. Troch de inisjatyfnimmer is dêrop in foarstel yntsjinne it gebiet te transformearjen ta de Bogerman Wen Campus. Dizze sil bestean út de transformaasje fan it besteande karakteristike skoalgebou ta 10 apparteminten en op it efterterrein, wêr't noch de by de eardere skoalle hearende bebouwing stiet, de bou fan 10 grûnbûne wenningen mooglik te meitsjen. Dizze ûntwikkeling is yn striid mei it no jildende bestimmingsplan om't de grûn de bestimming 'maatschappelijk' hat. It no foarlizzende bestimmingsplan jout in nij juridysk kader dat de winske ûntwikkeling mooglik makket. It ûntwerp fan it bestimmingsplan hat 6 wiken op besjen lein. Der binne gjin sjenswizen yntsjinne.

Doel:

It fêststellen fan it bestimmingsplan Wommels-Bogerman


Argumenten:

It doel is dus om wenjen mooglik te meitsen. De skoalle is sûnt 2018 net mear yn gebrûk, en der is ûnfoldwaande fraach yn en rûnom Wommels om de gebouwen wer as skoalle yn gebrûk te nimmen. De ynwenners fan Wommels hawwe rjochting de gemeente de wînsk útsprutsen yn Wommels mear mooglik te meitsjen foar mei namme de startende jongerein. Om hjiryn te foarsjen, sil it besteande karakteristike skoalgebou omboud wurde ta 10 (hier)apparteminten en sil de efterlizzende bebouwing sloopt wurde, om plak te meitsjen foar 10 grûnbûne keapwenningen.

It skoalgebou oan de foarside fan it plangebiet is in karakteristyk gebou mei in kultuerhistoaryske wearde foar it doarp Wommels en omkriten. Dêrom wurdt dit gebou behâlden en sil it yntern ferboud wurde.

It terrein rûnom it skoalgebou bestiet hast folsein út bestrjitting. Yn de nije situaasje komt der romte foar beammen en oar grien. Parkearfoarsjennings komme op eigen terrein en wurde útfierd as healferhurding. Troch it tafoegjen fan grien wurdt de leefberens fergrutte, wylst hjittens- en wetteroerlêst ôfnimme.

It gebou oan de efterside fan it plangebiet is foarhinne boud as skoalgebou yn in dêrfoar kenmerkjende styl: grutte, hege romtes mei sintrale gongen. De brûkberens fan dit gebou foar oare funksjes is net grut, geskikt foar wenjen is it seker net. Dit part fan it eardere skoalgebou sil dan ek sloopt wurde. Hjirfoar yn 'e plak komme 10 grûnbûne wenningen yn it goedkeape/midden segmint. De wenningen binne haaks oarientarre op it karakteristike part fan it skoalgebou yn twa boublokken.



In ympresje fan de winske stêdeboukundige ynrjochting

De apparteminten en grûnbûne wenningen krije per wenienheid in eigen berging. Dizze bergingen wurde yn twa frijsteande byggebouwen realisearre. Ien efterop it terrein en ien skean efter it karakteristike skoalgebou.

Neist de wentebou is der in kollektive romte yn it eardere skoalgebou. Dizze romte sil as in 'buurt-hub' foar bewenners en omjouwing funksjonearjen gean. Dêrby moat tocht wurde oan in ekstra mienskiplike wen/wurkromte dy't ek as moetiingsplak brûkt wurde kin.

It plan is yn it ramt fan foaroerlis ek al efkes by de Wolstânskommisje dellein. Der wienen in pear lytse kanttakens en dêr komme wy wol út. Koartsein: posityf! Fierders noch de kompliminten oer it meinimmen fan it doarp by de planfoarming.

Oare mooglikheden:

Net meiwurkje oan it inisjatyf mar dat is hast útsluten om't der al it ien en oar yn gong setten is lykas de tarieding ferkeap en ferkeapproseduere

Risiko's:

Gjin, om't der in oerienkomst ôfsluten is mei de inisjatyfnimmer.

Wetlike grûn:

3.8 Wro

Finansjele aspekten/gefolgen:

De finansjele aspekten binne oan it bestjoer foarlein yn in eigen útstel. It fereaske útfieringskredyt is troch de gemeenteried behannele op 23 desimber 2021. De gemeentlike kosten wurde foar in part dutsen út de ferkeapopbringst fan de lokaasje. De gemeente ferkeapet de lokaasje oan de ûntwikkelende partij. De keapjende partij is fia in iepenbiere merkseleksje keazen. It oare part fan de gemeentlike kosten wurdt dutsen út de planologyske leezjes dy't de ûntwikkelende partij oan de gemeente betellet. Dêrmei is it plan finansjeel helber.

Duorsumens:

Oangeande duorsumens, moatte de plannen foldwaan oan it Boubeslút

Global Goals

N.f.t.

Ferfolchproses:

Nei't de gemeenteried it bestimmingsplan fêststeld hat, leit it plan noch seis wiken op besjen. Yn dizze perioade kin der noch berop ynsteld wurde by de Raad van State.

Monitoaren en evaluaasje:

N.f.t.

Gefolgen foar de LTA:

N.f.t.

Kommunikaasje en ôfstimming:

It doarp Wommels wurdt fan it proses op de hichte hâlden.

Taheakke(n)**Meistjoere:**

- It ûntwerpbestimmingsplan Wommels-Bogerman

Op besjen:

-

Boargemaster en wethâlders fan Súdwest-Fryslân,

mr. drs. J.A. de Vries , boargemaster.

G. Heeg , gemeentesekretaris

Riedsbeslút gemeente Súdwest-Fryslân

Underwerp


Bestimmingsplan Wommels-Bogerman

Nei oanlieding fan it foarstel fan boargemaster en wethâlders d.d. 7-6-2022;

beslút de ried:

1. It bestimmingsplan Wommels-Bogerman ûnferoare fêst te stellen neffens it ûntwerpbestimmingsplan dat op besjen lein hat;
2. Dat it niisneamde bestimmingsplan lâns elektroanyske wei fêstlein is yn it GML-bestân NL.IMRO.1900.2021BPWmlsbogerman-vast en ek yn dy foarm fêststeld is;
3. Fêst te lizzen dat foar de lokaasje fan de geometyske planfoarwerpen gebrûk makke is fan in ûndergrûn hokker ûntliend is oan 'de Basisregistratie Grootchalige Topografie';
4. Gjin eksplottaasjeplan foar it bestimmingsplan Wommels-Bogerman fêst te stellen.


Sa fêststeld yn de iepenbiere riedsgearkomste fan
14 july 2022



mr. drs. J.A. de Vries

, foarsitter

G.W. Stegenga



, griffier.